

## BESTJOEREN EN MEIWURK(ST)ERS

### SELSKIP "FRYSLÂN" TE UTERT

Foarsitter	Pietie Westdijk-Kaastra, Het Spoor 20, 3994 AK Houten til. 030 - 2318 224 (pcwestdijk@planet.nl)
Skriuwer en Redaksje Kritekoer	Jan Piet Bergmans, Langeweg 75, 4133 AT Vianen til. 0347-320093 (j.p.bergmans@casema.nl)
Ponghâlder en lede-administraasje	Jan Roelants, Joke Smitplein 16, 3581 PZ Utrecht til. 030 - 2010118 (jhw.roelants@online.nl) Bank: NL05INGB0000194027 o.n.f. Selskip Fryslan
Bestjoerslid	Harke Hofman, Elzenstraat 3, 4131 AK Vianen, til. 0347-377703 (harkemarga@gmail.com)
Aldereinsaken	Frou J. Wielinga, Japuradreef 26, 3563 ED Utrecht, til. 030-261 7816

### SELSKIP "MEI INOAR" TE SEIST

*Tydljik postadres: Pr. Bernhardstr.24, 3981 BN Bunnik*

Foarsitter	fakatuere
Skriuwer	fakatuere
Algemiën Adjunkt / 2de skriuwer	Klaske van Hoeij-de Boer, Heuvellaan 19, 8162 CT Epe, til. 06-50540181 (kvanhoeij@gmail.com)
Ponghâlder	Nieske Schurer, Saturnuslaan 6, 3721 SG Bilthoven, til. 030-2251447 (nschurer@casema.nl); Bank: NL75INGB0003486499 o.n.f. SELSKIP MEI INOAR
Bestjoerslid	Trieneke Vos, Willem Pijperlaan 18, 3702 AM Zeist til. 030-6916081 (tvos51@kpnmail.nl)
Sosjale Kommisje	Boukje Andringa-Brattinga, Maertensplein 65, 3738 GN Maartensdijk, til. 0346-216240 (boukjeandringa@kpnmail.nl); Trieneke Vos, Willem Pijperlaan 18, 3702 AM Zeist til. 030-6916081 (tvos51@kpnmail.nl)
Lede-administraasje en Redaksje Kritekoer	Ida Knobbe, Pr. Bernhardstr.24, 3981 BN Bunnik, til. 030-6562555 (iknobbe@hccnet.nl)

### Foar beide Krite

Einredaksje	Ida Knobbe-Kramer	-adres: sjoch hjirboppe
Ferstjoeren Kritekoer	Harke Hofman, Vianen	- adres: sjoch hjirboppe
	Pietie Westdijk-Kaastra	- adres: sjoch hjirboppe
	Giro 37 69 436, o.n.f. Adm. Kritekoer	

## DE KRITIKOER

Selskip Fryslân te Utert  
Selskip "Mei Inoar" te Seist

Jiergong 64 nr. 3  
Maaie 2019  
(blommemoanne)

### **Ynhâld Kritekoer:**

#### **Selskip Fryslân**

- Fan de foarsitter
- Stikken Algemiene Ledegearkomste fan 18.05
- Oprop foar ferfier
- Aktiviteiten 'Melle Veenstra'
- Ta Oantinken Janny Hagg

#### **Selskip "Mei Inoar"**

- Fan de bestjoerstaflê
- Gedicht "In glimk"
- Oprop nije Krite-namme
- Stikken Algemiene Ledegearkomste fan 18.05
- Brief oan de leden fan Selskip Mei Inoar
- Ferslach mienskiplike kritejûn fan 23.03
- Sûnensberjocht fan âld-foarsitter Boukje Andringa

#### **Krite 'Utert/Seist'**

- Utnûging ledegearkomste fan 18/05; (konsept) Fisy

#### **Redaksje**

- Jan Piet Bergmans
- Ida Knobbe

### **Redaksje: ADIEU !**

Miende ik ferline jier by myn ôfskied as bestjoerslid, dat ik al 96 Kritekoeren makke hie en de bedoeling hie om de 100 fol te meitsjen, ik haw nochris yn it argyf sjoen en kom, dit nûmer ynbegrepen, op 95. Dus gjin 100, mar wol in moai oantal.

Yn 2003 naam Marianne Sybesma kontakt mei my op. Sy woe ophâlde mei it redaksjewurk en fûn 'dat ik tige geskikt wie om har op te folgjen'. Ja, sa moat dat as men nij bloed yn de klup ha wol!

95 kear in nijsgjirrige Kritekoer yn elkoar sette! Hoefolle telefoantsjes binne der oan foarôf gongen, hoefolle oeren haw ik der oan bestege, hoefolle oersettingen haw ik makke, hoefolle teksten haw ik redigearre, hoefolle gearkomsten wienen der?

Ik haw se net teld en it is ek net wichtich. Weromsgjend op de perioade 2003 – 2019 haw ik inkeld moaie oantinkens. De kommunikaasje yn, it lêzen fan, it skriuwen yn it Frysk. Ik bin nochal 'talich', ik haw der fan genoaten, nettsjinsteande de stress dy't der ek wol ris wie om it blêd op 'e tiid klear te hawwen.

Ien namme wol ik yn myn ôfskied-stikje neamen: Jan Piet Bergmans! Alle jierren wie hy it stabile redaksjelid, ik koe altyd fan him op oan. Jan Piet, tige tank!

Mei it ophâlden fan Selskip 'Mei Inoar' wol ik in ferliking meitsje mei de natuer:

- yn 'e winter lûkt de natuer him werom en yn 'e maitiid komt alles wer foarsichtich tefoarskyn.
- It oprjochtsjen fan de nije krite krijt syn beslach yn de maitiid. Wa wit wat foar moais der ûntstiet.

Ida Knobbe

*Slutingsdatum ynleverjen kopij: 15 septimber 2019*

**Selskip Fryslân te Utert***Sneon 18 maaie 2019:*

- Algemiene Ledegearkomste yn de Noorderlichttsjerke te Seist - sjoch op side 4;
- Oprjochtingsgearkomste krite 'Utert-Seist' nei it ûntbinnen fan Selskip 'Mei Inoar'; sjoch op side 14.

**Selskip "Mei Inoar" te Seist***Sneon 18 maaie 2019:*

- Algemiene Ledegearkomste yn de Noorderlichttsjerke te Seist - sjoch op side 9;
- Oprjochtingsgearkomste krite 'Utert-Seist' nei it ûntbinnen fan Selskip 'Mei Inoar'; sjoch op side 14.

**Foarriedich programma 2019-2020 fan de nije krite Utert/Seist**

Sneon 05-10-2019 (yn Utert): Joke Zandstra, film "Oare Jo" oer de twadde wrâldkriich

Sneon 09-11-2019 (yn Seist): Toaniel

Sneon 14-12-2019 (yn Utert): Krystmiddei (mei muzyk)

Sneon 11-01-2020 (yn Utert): Nijjiersbesite mei waarm iten

Sneon 15-02-2020 (yn Seist): Middei oer Sint Piter

Sneon 14-03-2020 (yn Seist): Kabaret

**Redaksje-adressen:**

Selskip Fryslân: Jan Piet Bergmans

Adres: sjoch lêste side

Email: j.p.bergmans@casema.nl

Selskip "Mei Inoar": Ida Knobbe

Adres: sjoch lêste side

Email: iknobbe@hccnet.nl

**Webstek fan it Boun: [www.fryskbutenfrylan.frl](http://www.fryskbutenfrylan.frl)**

**Ferslach kritejûn 23 maart 2019**

Op 23 maart lêstlyn spile de teatergroep Fjoer it bekende stik "It Pronkje fan Ierlân". Der wie aardich wat flecht op 'e koai. Dat foel net ôf, sa'n 50 minsken koenen it paad wol fine en dat hat ek wolris oars west de lêste tiid. Fjoer is fansels in ferneamde teatergroep mei in goeie namme en it stik dat spile waard is ek ridlik bekend. Sa dat lûkt wol. Oars gjin maklik stik, mei alle soarten fan fersteurde ferhâldings dy't tusken in mem en har dochter bestean kinne. Ut en troch batste it sa bot tusken de froulju dat ús teannen krom yn de skuon stienen. De ein fan it stik mei wol nuver neamd wurde. It like op in 'happy end', mar dat wie mar skyn. It ferstjerren fan de mem joech de dochter net de frijheid dy't hja sa socht, noch de leafde dêr't hja sa'n oanstried fan hie yn har libben.

It fertoande spul wie fan goede kwaliteit en de spilers wienen behoarlik rol-

fêst, hoewol't de fersteanberens sa út en troch wat min wie om't der dan wat te folle binnenmûlsk mompele waard. Mar nettsjinsteande dat wie de ferhaal-line goed te folgjen. Spilers en stik makken de jûn lykwols noch net direkt ta in bjusterbaarlike jûn. Dat der safolle minsken op 'e jûn ôf-kommen wienen (fan Krite Seist, mar ek fan Krite Utert) kin ek it gefolch wêze fan it feit dat dizze Kritejûn de lêste jûn wie fan in tige lange rige. In rige dy't ea begûn mei de oprjochting fan de Krite yn desimber 1928 en dy't oan 'e ein komt yn maaie 2019. In goede 90 jier hat de Krite in rol spile by it útdragen fan de Fryske kultuer yn Seist en (fiere) omkriten. Mei ups en downs, mar oer it gehiel nommen mei sukses. Hooplik kin soks noch fuortset wurde mei de nij op te rjochtsjen Krite Utert – Seist.

Sybren Westra

**Sûnensberjocht fan Boukje:**

Foar't ik jim fertel wat my oerkommen is, wol ik eltsenien tige tanksizze foar al it meilibjen yn hokker foarm dan ek, dy't ik krigen ha nei it ferstjerren fan myn leave freon Ben Hak.

Op freed 22 maart moast ik op myn beppesizzer passe en doe't wy by harren yn 'e hûs kamen, makke Daan de badge los fan Max, harren fjouwer moannen âlde labrador, om him lekker yn 'e tún boartsje te litten. Wylst ik in stap doch, komt Max werom, ik stroffelje en fal tsjin de radiator oan en lei op 'e grûn. No, jim snappe it al: de skonk stikken. Ik haw in pittige beppesizzer fan 7 jier en dy skille op myn fersyk 112 en ek syn mem dy't gau út it wurk kaam. Ik hie noch nea yn in sike-auto lein mar wat wie ik bliid mei dy mannen. Wat in pine hie ik. Se brochten my nei it Diac yn Utert en dêr waard ik sneontemoarn daliks operearre. Tongersdei 28 maart koe ik út it sikehûs om te refalidearjen yn filla "Overbosch" te Hilversum. Mar... ik krige in min berjocht mei. Der siet kanker yn de bilbonke en op noch mear plakken. Yn 2011 wie ik operearre oan boarstkanker; no bliken der útsiedings te wêzen. Lokkich kin der hjoed de dei in protte oan dien wurde en kinne se fan dizze kanker in **groanyske** sykte meitsje. Dat betsjut dat ik noch in skoftke op dize wrâld bliuwe mei. Ik bin al oan 'e pillen en moat 10 x in bestrieling op 'e bonke ha. Fierder bin ik goed oan it trainen by de Fysio want ik wol wer te fytsen. Autoriden mei ek noch net. Sa giet de moanne april oan my foarby en hoopje ik yn maaie wer wat mear by de minsken te wêzen.

Hertlike groetnis fan Boukje Andringa-Brattinga

## ALGEMIENE LEDEGEARKOMSTE

Utnûging foar de *Earste Algemiene Ledegearkomste* fan Selskip Utert-Seist op sneon 18 maaie 2019 om 20.00 oere yn de Shalomseal fan de Noorderlichttsjerke, Bergweg 92B yn Seist. *(Nei ôfrin fan de gearkomste wurdt de nije Fryske kwis fan Gerrita Onrust spile.)*

### WURKLIST

1. Iepenjen
2. Wolkom oan alle leden
  - 2a. Bestjoersferkiezing. Pietie Westdijk en Harke Hofman binne ôfgeand en ferkiesber. Trieneke Vos, Nieske Schurer en Gerrita Otten-Onrust binne ek ferkiesber;
  - 2b. Beneamen fan in nije foarsitter. Utstel om Pietie Westdijk te beneamen ta foarsitter
3. Ferkiezing fan de nije namme foar Selskip Utert-Seist. \*)
4. Fisydokumint: útlis, fragen en opmerkings
5. Begrutting 2019-2020 en fêststellen fan de ynlis
6. Beneamen kaskommisje
7. Programma 2019-2020
8. Omfraach en sluten

\*) At der mear as twa nammen ynstjoerd binne, komme der twa kiesrûnten, mei hânopstekken. Yn de earste rûnte wurde de earste twa nammen keazen, yn de twadde rûnte wurdt út de earste twa de bêste namme keazen.

\* \* \* \* \*

### **FISY-dokumint krite Utert-Seist**

De nije krite mei de wurknamme Utert-Seist hat as fisy:

*It fuortsetten fan de kulturele aktiviteiten sa't 'selskip Fryslân' en selskip 'Mei Inoar' dy de ôfrûne jierren organisearre ha.*

Hjirby binne de folgjende saken fan tapassing:

- De "grûnslagen en húshâldlik karbrief" fan selskip 'Fryslân' binne fan tapassing;
- Der wurde yn in winterskoft sa'n 5 of 6 aktiviteiten organisearre, ôfwikseljend yn Utert en Seist;
- Yn 2019 is de Algemiene Ledegearkomste yn maaie; fan 2020 ôf wurde de AG's yn septimber holden; It boekjier rint fan 1 maaie oant en mei 30 april;
- De namme 'Kritekoer' bliuwt bestean. It wurdt net mear opmakke as boekje, mar as 2 dûbeltearde A4 (8 siden). Dat kin ferstjoerd wurde mei postsegel "1"
- De jierdagen fan de 75+ leden komme net mear yn de Kritekoer. Dizze leden krije wol alle jierren in jierdeikaart en eltse 5 jier in blommebon. It ferstjoeren fan de kaarten en bonnen sil oer 2 of 3 persoanen ferdield wurde.
- Der wurdt in fraach útset ûnder de leden foar in namme foar de nije krite;
- Der wurdt in groep frijwilligers gearstald dy't ree binne om minsken thús op te heljen en nei de kritejûn/kritemiddei te bringen;
- It útsel foar de kontribúsje foar de nije krite sil € 12,- yn it jier wêze. Mear stipe wurdt op priis steld.
- De hjoeddeiske eareleden fan beide kriteren, binne ek de eareleden fan de nije krite.

## SELSKIP FRYSLAN

### Fan de foarsitter

Dit wurdt al wer de lêste Kritekoer fan dit winterskoft. De jûnen lizze al efter ús en it wie in prachtich programma, dat begûn mei it 'Lemster Mannen Koor'.

Wy binne al drok dwaande om foar 2019/2020 in programma gear te stallen, dêr't elkenien nocht oan hat en dan ek sin oan hat om op de jûnen likegoed as middeis oanwêzich te wêzen.

Wy einigje dit winterskoft mei de Ledegearkomsten fan Utert en fan Seist. Dit fynt plak op 18 maaie, diskear yn Seist, dêr't wy earst apart ús Ledegearkomsten hâlde. Dêrnei komme wy byinoar om in nije Krite op te setten, mei oanslutend de nije kwis fan Gerrita Otten-Onrust. Kinne wy moai harsenskrabje om de goede antwurden te sykjen! Dat falt net altyd ta; wy tinke wol dat wy in soad oer Fryslân witte, mar dat is net altiten it gefal!

Wat hienen wy prachtich waar mei de peaskedagen. Myn tûn is no sa prachtich, alles bloeit en groeit, ek it ûnkrûd, mar dat heart der by. Der steane noch wat lette tulpen yn bloei, krekt as de

seringebeam, ek de roazen sitte wer fol knoppen. Noch ien wike sok waar, dan bloeie dy ek.

De skoallen binne ticht, hjir hawwe de bern no 2 wiken fakânsje, dus beppe hat de jongste 2 wer útfanhûs. Ik haw no 2 optearfytsten yn de garaazje stean, dêr't se op fytsse kinne, dus dat sille wy aanst dwaan. Earst mar efkes thús in stikje bôle ite, want se binne moarns altyd betiid wakker. Foaral de jongste fan 9 jier. Dy freget altyd hoe let as it is, wylst se sels in klokje oan har kant fan it bêd hat! In stille hint foar my, om ek mar wakker te wurden. Och ja, wat in minske al net docht foar de bernsbarn. Mar wy sille ús wol fermeitsje, tink ik sa.

No minsken, ik lit it hjir mar by. Hooplik sjogge wy jimme op 18 maaie op de ledegearkomsten. En oars winskje ik jimme allegearre in moaie simmer yn súnens ta.

Mei in golle groet fan  
Pietie Westdijk-Kaasta

### **Trije ledegearkomsten op ien jûn !**

Foar it ôfsluten fan de ôfrûne kriteperiodes moat der in ledegearkomste organisearre wurde. Selskip Fryslân docht dat foar har leden, Selskip 'Mei Inoar' docht dat foar har leden. Foar de start fan de nije krite is der ek in ledegearkomste noadich. De gearkomsten wurde op deselde jûn holden yn de Noorderlichtkerk, Bergweg 92B yn Seist op 18 maaie 2019. De ôfslutende gearkomsten begjinne om 19.30 oere, oanslutend is de ledegearkomste fan de nije krite Utert/Seist. It binne koarte gearkomsten.

Nei de ledegearkomste fan de nije krite is der in kwis fan Gerrita Otten-Onrust.

## SELSKIP FRYSLAN

## UTNUGING

foar de

**ALGEMIENE LEDEGEARKOMSTE** fan ‘Selskip Fryslân’

**Datum** - sneon 18 maaie 2019  
**Plak** - Noorderlichtkerk, Bergweg 92B, Seist  
**Hoe let** - 19.30 oere

## WURKLIST

1. Iepening troch de foarsitter en meidielingen.
2. Oantekens fan de foarige ledegearkomste op 16 maaie 2018 (*hat yn de Kritekoer stien fan septimber 2018*)
3. Ynkommen stikken /ferstjoerde stikken.
4. It jierferslach 2018/2019 fan de skriuwer (*stiet yn dizze Kritekoer*)
5. De jierrekens fan:
  - a. De ponghâlder fan Selskip Fryslân (tiidrek 1 maaie 2018-30 april 2019)
  - b. De Kritekoer-administrateur (1-1-2018 oant 30-4-2019);  
(*beide jierrekens wurde op de gearkomste útrikt*)
6. Ferslach fan de rekkenopnimbers
7. It bewâld fan it bestjoer
8. De takomst fan de nije krite Utert/Seist: troch it opheffen fan de krite Seist ûntstiet der in nije situaasje yn it krite-libben foar de regio midden-Utrecht. De nije krite Utert/Seist beslist oer it programma 2019-2020, de ynlis foar it kommende jier, de bestjoersgearstalling ensfh.  
*Opmerking:* Yn it skema fan Utert geane Pietie Westdijk en Harke Hofman ôf.  
De fisy fan de nije krite is beskreaun yn dizze Kritekoer (side 14). Kinne de leden hjir akkoart mei gean?
9. Omfreegjen en sluten

**Jierferslach fan it SELSKIP FRYSLAN  
 oer it tiidrek 1 maaie 2018– 30 april 2019**

**Fan it bestjoer**

Der hawwe 5 bestjoersgearkomsten west.  
 Fierders hat der 3 kearen oerlis west mei it bestjoer fan de krite “Mei Inoar” út Seist. Twa fan de gearkomsten mei Seist binne holden yn it ramt fan de

fúzje.

Teffens wie der oerlis met de 4 oare kriteren fan diel Midslân” (Hilversum, Lelystêd, Hurderwyk en Seist).

De Algemiene Gearkomste is holden op 16 maaie 2018 yn Houten.

## SELSKIP “MEI INOAR”

kontakten yn de oare wenplakken kinne ynskeakele wurde: Jantina Visser, Driebergen en Janke Amersfoort, Bunnik.  
 Trieneke Vos ferstjoert jierdeikaarten oan leden fan 75 jier en âlder op kroanjierren en fan 90 jier ôf alle jierren.

**Gearwurking mei oare Kriteren en it Frysk Boun om Utens**

Krekt as alle jierren waard ek dit jier wer oparbeide mei de Krite fan Utert oangeande de beide mienskiplike Kritejûnen en de Kritekoer. Om de mienskiplike jûnen en de fúzje ta te rieden binne de bestjoeren dit jier trije kear gear kommen.  
 Ien kear yn it jier (foar 2019 wie dat 19 maart) is der in gearkomste fan de kriteren fan it Diel Midslân fan it Frysk Boun om Utens (Seist, Utert, Hilversum, Lelystêd, Hurderwyk), dêr't de saken fan de kriteren en fan it Boun bepraat wurde.

De Algemiene Ledegearkomste (ALG) fan it Frysk Boun om Utens, dy't foar alle kriteleden tagonklik is, is ien kear yn 't jier. De gearkomste wurdt meast holden by in krite dy't in jubileum fiert.  
 Op 30 maart 2019 waard de Algemiene Gearkomste fan it Boun hâlden by de krite Swol, dy't 120 jier bestiet.

**Bouns webside**

Sûnt 2010 hat ús krite in eigen side op de webside fan it Frysk Boun, [www.fryskbutenfryslan.frl](http://www.fryskbutenfryslan.frl) – (trochklikke nei *kriteren*).  
 De ynhâld bestiet út in koarte yntroduksje fan ús krite en wat ús krite beëaget, it programma fan it kritejier en it kontakt e-mail adres.

Ferslach: Klaske van Hoeij-de Boer



Oprjochte 20 desimber 1928

Lid fan it Frysk Boun om Utens

Seist, 19 april 2019

Achte leden fan Selskip “Mei Inoar”,

Sa't jo witte hâldt Selskip “Mei Inoar” op 18 maaie 2019 op te bestean en giet dan gear mei Selskip Fryslân. Ut finansjele en praktyske oerwegingen krijt de nije krite de **doopnamme** Selskip Fryslân en in **nije ropnamme**, dy't troch de leden keazen wurdt (**sjoch de oprop op side 8 fan dizze Kritekoer**).

Wy hoopje dat alle leden fan Seist mei oergean as lid fan de nije krite. Yn dat gefal hoege jo neat te dwaan. Wolle jo gjin lid wurde fan de nije krite, dan moatte jo dat foar 18 maaie trochjaan oan Trieneke Vos, till. 030-6916081, e-mail [tvos51@kpnmail.nl](mailto:tvos51@kpnmail.nl).

Dus: as wy neat hearre, wurde jo automatysk lid fan Selskip Fryslân en geane jo dermei akkoart dat it bestjoer jo namme en adres trochjouet oan de skriuwer fan Selskip Fryslân.

Mei freonlike groetnis,  
 It bestjoer fan Selskip “Mei Inoar”

JIERFERSLACH 2018/2019 FAN SELSKIP “MEI INOAR”
--

Ledetal maaie 2019: 83  
(yn augustus 2018: 84)

**De bestjoersgearstalling:**foarsitter: *fakatuere*1e skriuwer: *fakatuere*algemien adjunkt/2e skriuwer: Klaske  
van Hoeij-de Boerpongêlder: Nieske Schurer  
bestjoerslid: Trieneke VosEinredaksje Kritekoer: Ida Knobbe-  
Kramer**It ferrin fan de Krite-aktiviteiten fan  
oktober 2018 o/m april 2019:**

It kritejier hat op **28 oktober 2018** út  
ein set mei in optreden fan it Lemster  
Mannenkoor yn de Opstandingskerk yn  
Houten; opkomst 158 besikers.

**17 novimber 2018 – ALG** (23 leden  
en in fertsjintwurdiger fan it FBOU.  
Nei it skoft (mei noch 8 gasten derby)  
it optreden fan Roelof Kuipers op de  
lûkpûde, ôfwiksele mei Frysk kinen.

Op **26 jannewaris 2019** (27 leden  
en inkelde gasten) holden wy ús nijjiers-  
jûn. De jûn sette útein mei it útrikken  
fan in lintsje oan Ida Knobbe, âld-  
skriuwer en redaksjelid fan de Krite-  
koer. Dêrnei lieten de oanwêzigen har  
it treflik buffet fan trêteur Landwaart út  
Maartensdijk goed smeitsje en nei it  
skoft koe men genietsje fan de smûke  
muzyk fan Gjalt de Jong en Paul Siem-  
mensma.

**9 febrewaris 2019** (39 leden, 4 net le-  
den en 4 bestjoersleden/redaksje-leden,  
totaal 47). Fryske krite Bûtenpost spile  
mei faasje de klucht “De tante fan  
Charley”. In prachtige jûn.

Op **2 maart 2019** (20 leden, 1 gast en 3  
bestjoersleden, totaal 24 minsken) fer-  
soarge Adri de Boer in ôfwikseljend  
sjongprogram mei begelieding troch  
himsels op piano, akkordeon en gitaar.  
In tige nijsgjirrige jûn!

Op **snein 9 maart 2019** wie der in  
Fryske oekumenyske tsjerketsjinst yn  
de Mennistetsjerke te Seist. Dûmny  
Yko van der Goot wie foar de lêste  
kear foargonger. De opkomst hie bet-  
ter kind. Oft it finansjeel út kin, is noch  
de fraach. Hooplik sil der yn 2020 op-  
nij in Fryske tsjinst organisearre wurde.

**23 maart 2019 – in mienskiplike jûn**  
(44 leden en 3 gasten): Teatergroep  
FJOER spile it stik ‘It pronkje fan Ierlân’  
op omtrint profesjonele wize.  
In boppeslach.

**De Kritekoer**

De Kritekoer kaam yn 2018/2019 seis  
kear út. De kosten (print- en ferstjoers-  
kosten) wurde nei rato betelle fan de  
beide Kritten. De redaksje is yn hannen  
fan Ida Knobbe foar Seist en Jan Piet  
Bergmans foar Utert. De administraas-  
je en it ferstjoeren waard fersoarge  
troch Pietie Westdijk en Harke Hof-  
man fan de krite Utert.

**Lêsklup**

Nora Koren is de driuwende krêft fan  
de lêsklup dy’t fjouwer kear yn it jier  
gearkomt om in boek te besprekken.  
De leden ûnderfine it as in grut foardiel  
dat der op de lêsklup in grutte kar út  
boeken lêzen wurdt dêr’t oars faaks net  
oan tocht wurdt.

**Sosjale saken**

Boukje Andringa en Trieneke Vos  
hawwe wer in tal âldere leden yn har-  
ren wenkrite besocht. Foar de sosjale

Der is dielnommen oan de Ynspiraasje-  
en moetingstide fan it Boun op 17 no-  
vimber 2018.

Op 30 maart 2019 hat in diel fan it be-  
stjoer dielnommen oan de AG fan it  
Boun om Utens yn Swol.

**Fan de leden**

It ledetal rint stadichoan tebek. Op 1  
jannewaris 2017 wienen der 73 leden,  
op 1 jannewaris 2018 wienen dat 66 en  
op 1 jannewaris 2019 wienen der 63  
leden. Op 1 maaie 2019 binne der 56  
leden (ynklusyf 2 eareleden).  
Troch ferhúzjen, betankjen en ferstjer-  
ren ferlieze wy leden.

**Aldereinsaken**

De âldereinsaken wurde behertige troch  
frou Wielinga. Boppe de 75 jier krije de  
leden alle jierren op harren jierdei in  
kaart en om de 5 jier (in kroanjier) in  
kadobon foar in blomke. De feiten: der  
binne 25 kaarten ferstjoerd, 9 kaarten  
mei ynhâld (kroanjier). Der binne fan ‘t  
jier 2 besites ôflein troch frou Wieling.  
Mei elkoar 36 stiks.  
De pongêlder fergoedet de kosten oan  
frou Wielinga.

**Fan de boekferkeaper**

Op de ledegearkomste fan it Boun yn  
2018 is besletten om op te hâlden mei  
de ferkeap fan nije Fryske boeken. De  
foarried is ferdield oer de kritten nei  
ratio fan it ledetal.

**Fan de jûnen/fan de middei**

- De earste krite-aktiviteit (**27 okto-  
ber**, 158 minsken, Opstandingskerk  
Houten) wie in mienskiplike jûn  
mei krite Seist. In geweldige jûn, de

minsken ha genoaten.

- Op **8 desimber** (20 minsken, Bij-  
kershoek) hawwe wy foar it earst in  
Sinteklazemiddei organisearre.  
In middei mei in echte Sinteklaas en  
wy ha spultsjes dien.
- De nijjiersbesite wie op **12 janne-  
waris** (19 minsken, De Bijnk-  
ershoek). Wy hawwe lekker iten - de  
wenstige stampôtbuffet - fersoarge  
troch de meiwurkers fan de Bij-  
kershoek. Nei it buffet ha wy Frysk  
bingo spile.
- Op **16 febrewaris** (16 minsken, De  
Bijnkershoek) ha wy in fleurige  
middei hân mei de muzikanten Gjalt  
de Jong en Paul Siemensma.
- De twadde mienskiplike jûn yn dit  
seizoen mei Seist (45 minsken) hie-  
nen wy op **23 maart** yn de Noorder-  
lichttsjerke yn Seist. De teatergroep  
“Fjoer” brocht it toanielstik  
‘It pronkje fan Ierlân’.

**De bestjoersgearstalling**

Troch it ferhúzjen fan it bestjoerslid  
Yme Fopma binne der 4 bestjoersleden.  
De funksjes wienen sa ferdield:

Foarsitter: Pietie Westdijk

- ôfgeand yn 2019

Skriuwer: Jan Piet Bergmans

- ôfgeand yn 2020

Pongêlder: Jan Roelants

- ôfgeand yn 2020

Lid : Harke Hofman ôfgeand yn 2019

**Fan de Kritekoer**

De redaksje fan de Kritekoer bestiet út  
Ida Knobbe (Seist) en Jan Piet Berg-  
mans (Utert). De Kritekoer is yn 2018  
seis kear útkommen. It ferstjoeren fan  
de Kritekoer wurdt fersoarge troch

## SELSKIP FRYSLAN

Yme en Boatsje Fopma. Yme Fopma hat de administraasje dien oant syn ferhuzing ta. Hjirnei hat Jan Roelants it oernommen. It resultaat oer 2018 en 2019 (de rekken rint fan 1-1-2018 oant 30-4-2019) wie op de slutingsdei fan de kopij noch net klear.

Nei it ferhúzjen fan de famylje Fopma wurdt it ferstjoeren fan de Kritekoer dien troch Harke Hofman en Pietie Westdijk.

**Oare aktiviteiten**


- De ledemutaasjes komme faak binne by de administrateur fan de Kritekoer. Dizze wurde trochjûn oan de skriuwer. Oant syn ferhuzing hat Yme Fopma de etiketten foar de Kritekoer makke. Dat docht no Harke Hofman.

De skriuwer makket in list fan de

75-plussers.

- Om de kosten fan de grutte kritejûnen wat te beheinen wurdt der in ferlotting holden. Dit jier wie it mar op 1 jûn it gefal.
- Troch it opheffen fan it Sintrale Boekefûns fan it Boun om Utens binne der no, neist de healsliten boeken, ek nije en sawat nije Fryske boeken beskikber. De ferkeap fan dizze boeken en healsliten boeken is ek dit jier fuortset troch Jan Piet Bergmans.
- De krite is stiper fan de keatsferiening " Melle Veenstra" yn Hilversum ad € 25,- yn it jier. Dat stypjen past by ús karbrief. De keatsferiening fiert dit jier har 100-jierrich bestean.

De skriuwer, Jan Piet Bergmans

**OPROP****Wa wol minsken yn de auto meinimme nei kriteaktiviteiten?**

Net alle leden binne yn de gelegenheid om sels nei in kritejûn te reizgjen. No't de aktiviteiten aanst wikseljend yn Utert en Seist binne, moat der wolris wat fierder reizge wurde. Foar dyjingen dy't de ôfstân wat te beswierlik fine, wol it bestjoer graach de meiwurking ha fan leden dy't minsken ophelje wolle en nei ôfrin fan de kritejûn of -middei wer thúsbringe.

Wa biedt him/har oan?

Graach opjaan by Pietie Westdijk ( 030 - 2318 224)

## SELSKIP "MEI INOAR"

**12. Bewâld fan it bestjoer**

De gearkomste is tige tefreden mei it wurk fan de fjouwer bestjoersleden. Mei hantsjeklap wurdt it bestjoer betanke foar har krewearjen.

**13a. Bestjoersferkiezing**

Ida is oan bar fan ôfgean en is net werkiesber. De foarsitter betanket Ida foar har krewearjen foar de krite. Sûnt 2003 hat sy tegearre mei Jan Piet Bergmans seis kear yn it jier de Kritekoer fersoarge. Sûnt 2009 is sy boppedat ek noch earste skriuwer fan it bestjoer, tegearre mei Klaske van Hoeij. Om har foar har krewearjen te beleanjen docht de foarsitter it útstel oan de gearkomste om Ida Knobbe te beneamen ta 'Lid fan fertsjinst' fan de krite. De gearkomste stimt yn mei hantsjeklap. Dêrnei oerhandiget de foarsitter Ida in oarkonde en in moaie doaze mei ferskate Fryske produkten.

Der binne gjin kandidaten om Ida Knobbe op te folgjen.

**13b. Takomst fan ús krite**

Der is op dit stuit gjin foarsitter en gjin earste skriuwer. Klaske van Hoeij is takom jier oan bar fan ôfgean en is dan net werkiesber, ek om't sy yn maart ferhuzet en net wit oft sy yn de omkriten bliuwt te wenjen. De oare twa bestjoersleden wolle nei 2019 ek ôfgean. It bestjoer docht dêrom it útstel om de krite op te heffen. Dat beslút moat bekrêftige wurde op in Bysûndere Algemene Gearkomste. Hylke de Haan fan it FBOU freget oft der gjin nije bestjoersleden fûn wurde kinne troch dûbeldfunksjes te meitsjen. De foarsitter antwurdet dat der al dûbeldfunksjes binne, foar bygelyks de skriuwer en de foarsitter, mar nettsjinsteande dat wurde der al jierren gjin nije bestjoersleden fûn.

Gerrita Onrust hat de gearkomste in e-mail stjoerd, mei it fersyk om te ûndersykjen oft in fúzje mei selskip Fryslân mooglik is. De gearkomste stipet dit útstel, mar hat wol de betingst dat de helte fan de jûnen dan yn de omkriten fan Seist (Bunnik, Bilthoven) wêze moat. Nei in wiidweidige diskusje beslút de gearkomste dat it bestjoer ûndersykje sil oft in fúzje mei Utert mooglik is, ûnder de boppeneamde betingst.

**14. Omfregjen**

Der binne gjin fragen.

**18. Sluten**

Om 20:20 oere slút de foarsitter de gearkomste.

Nei in koart skoft ha de oanwêzigen (24 leden en 4 gasten) mei faasje in grut tal fryske lietsjes út ús sjongboekje songen, ûnder begelieding fan Roelof Kuipers op syn lûkpûde. Tuskentoch binne der twa rûnten Frysk kinen spile, mei û.o. sûkeladeletters en amaryllusbollen as priis. It wie in tige noflikke jûn dy't om 22 oere troch de foarsitter ôfsluten waard mei in tankwurd oan Roelof Kuipers en de oanwêzigen en in oprop om nei de Nijjiersbesite te kommen.

Ferslach: Klaske van Hoeij-de Boer

Der binne gjin fragen of opmerkings. It ferslach wurdt goedkard, mei tank oan Ida Knobbe.

#### **06. Jierrekken 2017-2018**

It finansjeel ferslach wurdt op de gearkomste útrikt.

It finansjeel jier is op 31 augustus 2018 ôfsluten mei in neidielich saldo fan € 1432,53. Dat is wat heger as begrutte troch it negatyf saldo fan it reiske dat wy dit jier makke hawwe. It ledetal is dit jier tebek rûn fan 91 nei 84 leden. De kontribúsje-yнкомsten en de yn-treejilden rinne ek stadich tebek mei it ledetal. De ferieningskosten, dat binne benammen de kosten foar postsegels om de ledekaarten te ferstjoeren, wienen nochal wat heger as begrutte om't der ôfrûne jier krystkaarten ferstjoerd binne en in grut tal oantrunens om it ledejild te beteljen. De jierrekken wurdt goedkard mei tank oan de ponghâlder, Nieske Schurer.

#### **07. Fêststellen fan de begrutting en de kontribúsje**

It begrutte tekoart foar 2018/2019 is € 1408,60. Dat is hast itselde as it tekoart yn it ôfrûne jier. De begrutting is aardich goed, wylst de kosten fan alle jûnen al bekend binne. De kontribúsje bliuwt itselde as yn it ôfrûne jier (€ 15,= de man).

De foarsitter seit dat it bestjoer net stribbet nei in sa grut mooglike reserve, mar bewust kiest foar it organisearjen fan moaie jûnen om safolle mooglik leden nei de kritejûnen te lûken. Troch gearwurking mei Utert beheine wy de kosten fan toanieljûnen sa folle mooglik en is it tal leden dat de kritejûn besiket twa kear sa grut. De begrutting wurdt goedkard.

#### **08. Ferslach fan de rekkenopnimers 2017/2018**

Nora Koren wie behindere op de dei fan de kaskontrôle. De rekkenopnimmer Wim Oosterman hat dêrom de finansjele administraasje tegearre mei de ponghâlder neisjoen en kreas yn oarder befûn. Hy komplimintearret Nieske Schurer mei har sekuerens. Utsteld wurdt om it bestjoer en de ponghâlder te ûntlêstgjen. De ledgearkomste ûntlêstget it bestjoer en de ponghâlder mei hantsjeklap.

#### **09. Beneamen fan de rekkenopnimers 2018/2019**

Ta rekkenopnimers wurde beneamd Nora Koren en Gerrita Onrust.

#### **10. Ferslach sosjale kommisje**

Trieneke Vos docht ferslach fan de aktiviteiten fan de sosjale kommisje. Boukje en Trieneke hawwe wer in tal leden besocht dy't net mear nei de kritejûnen komme kinne, mar dy't lid bliuwe om de krite te stypjen. Dat wurdt tige wurdearre. Dêrneist stjoert Trieneke Vos in kaart mei lokwinken nei leden dy't 75, 80, 85, 90 jier wurden binne. Boppe de 90 krijt men alle jierren in kaart. Boukje Andringa en Trieneke Vos krije in presintsje fan de krite as tank. Dêrneist krijt Wim Oosterman in presintsje foar de kaskontrôle en Janke Amersfoort foar it rûnbringen fan de ledekaarten.

#### **11. Kritekoer**

De gearkomste is tige tefreden mei it uterlik en de ynhâld fan de Kritekoer. Ida Knobbe wurdt mei hantsjeklap betanke foar al it wurk dat sy foar de kritekoer docht. Ida Knobbe fertelt dat sy sûnt 2003 96 kear de Kritekoer makke hat, yn gearwurking mei Jan Piet Bergmans. Sy wol de 100 noch fol meitsje.

#### **Keatsferiening Melle Veenstra yn HILVERSUM 100 jier**



Yn ferbân mei it 100-jierrich bestan fan de keatsferiening ‘Melle Veenstra’ wurdt der op 11 maaie 2019 de ‘Jubileumpartij Hilversum’ organisearre. De partij is tagonklik foar elk nivo: der wurdt keatst yn 3

klassen.

Om 10.00 oere is der earst in resepsje en om 11 oere begjint it keatsen.

**Lokaasje:** ‘Sportvelden ASC Hilversum Hurricanes’, Het Jagerspaadje 32, 1231 KJ Loosdrecht.

**Oanmelding: oant 8 mei 2019**, 19.00 oere; op KNKB website ([www.knkb.nl](http://www.knkb.nl)) of by it bestjoer ([kvmelleveenstra@hotmail.com](mailto:kvmelleveenstra@hotmail.com)).

Der is noch mear te dwaan yn Hilversum .....

Op sneon **6 july 2019** organisearret Keatsferiening Melle Veenstra de KNKB ôfdielingswedstriid Nasjonaal Kampioenskip foar **Hearen 50+**. As partoer kinne jo jo oanmelde by de KNKB 9 foar 1 july, op website [www.knkb.nl](http://www.knkb.nl). Ek dizze aktiviteit is op Het Jagerspaadje 32, 1231 KJ Loosdrecht. Foar mear ynformaasje: [kvmelleveenstra@hotmail.com](mailto:kvmelleveenstra@hotmail.com)

#### **Ta neitins oan Janny Hagg**

Op 11 april 2019 is Janny Hagg ferstoarn nei in perioade fan ôfnimmende sû-nens.

Fan febrewaris 1980 ôf wie Janny lid fan de krite en lid fan de toanielklup Utert/Seist. Janny en Frits Hagg wienen út De Haach nei Vianen kommen te wenjen. Troch in lid fan krite De Haach hie ik heard dat Janny in hiel goede toanielspylster wie. Se wenne noch net sa lang yn Vianen doe't ik har opsocht mei de fraach oft se by ús toanielploech spylje woe. It antwurd wie doe dat se noch net wisten oft se wol yn Vianen bleaunen, omdat Frits it wurk yn Seist hie.

In skoft letter kamen se by it sjongkoar, dêr't Tine en ik ek op sieten. Sa learde wy elkoar kinnen. Nei in winterskoft hie Janny dochs ynteresse yn ús toanielspyljen, foaral omdat it Frysk har sa oanspruts. Dat hie se ek dien yn De Haach. Fan febrewaris 1980 ôf spile Janny har earste toanielstik by Utert/Seist. It wie it stik ‘Lok wat jouste’. Ik wie har tsjinspiler.

Se krige in goede beoardieling fan de karkommisje, se wie in oanwinst foar ús toanielklup.

It lêste stik dêr't Janny yn meispile wie ‘Frou en faam’ op 5 novimber 2004. Dat wie har ôfskie as toanielspylster. Janny hat oan mear as 60 optredens har meiwurking jûn.

By de sjongferiening ha wy ek noch ferskate kearen wat ienacters spile foar de eigen koarleden, dêr't Janny dan de regy yn hannen hie.

Sa hat se lang in aktive frou west op toanielgebied, in goede frou en in leave mem fan in hechte húshâlding.

Frits, sterkte tawinske mei it ferlies fan Janny, mei út namme fan de Fryske toanielfreonen.

Durk Dijkstra

**SELSKIP "MEI INOAR"**

Oprjochte op 20 desimber 1928.

It ferieningsjier rint fan 01-09 oant en mei 31-08. Opsizzing foar 01-08.

Kosten lidmaatskip: € 15,- de man; foar bankgegevens: sjoch lêste side.

**Fan de bestjoerstafel**

It is in nuer idee, dat dit de lêste 'fan de bestjoerstafel' fan ús Krite is. Njoggentich jier lang hawwe bestjoeren en kriteleden der foar soarge dat ús Krite 'Mei Inoar' draaiende bleau. Dêr komt no in ein oan.

Wy hawwe de ôfrûne jierren mei nocht de bestjoerstaken dien en sjogge dêr mei in tefreden gefoel op wêrom.

Dochs kinne wy ûnder in oare namme fierder gean, tegearre mei Utert.

Op 18 maaie sil de gearkomste dêr oer gean. Wy hawwe der alle betrouwen yn dat it slagget en hoopje noch in moaie tiid Mei Inoar te hawwen.

Klaske van Hoeij, Nieske Schurer en Trieneke Vos

\*\*\*\*\*

*In glimk kostet neat, mar jout in soad.*

*Hy ferriket dyjinge dy't him ûntfangt,  
sûnder de jouwer earmer te meitsjen.*

*Hy nimt mar in tel, mar it ûnthâld kin foar ivich wêze.*

*Gjinien is sa ryk of machtich dat er der sûnder kin  
en gjinien is sa earm dat hy der net troch ferrike wurde kin.*

*Dochs kin in glimk net kocht, biddele, liend of stellen wurde,  
want hy hat gjin wearde oant er weijûn is.*

*Inkelden binne te wurch om dy in glimk te jaan.*

*Jou dyjinge dan ien fan dy,  
want gjinien hat sa'n ferlet fan in glimk  
as ien dy't gjin mear jaan kin.*

(út de Spreukekalinder)

**OPROP! OPROP! OPROP!**

It is neffens my noch net earder bard, dat wy fia de Kritekoer jimme mei-wurking freegje. Hawar, no sil it wêze!

Sa't jimme witte, sil ús krite geargean mei dy fan Utert en wy wolle jimme freegje in namme te betinken foar de nije krite. Der binne al 2 ynstjoerings binnen, mar it is moaier om in grutte kar te hawwen dêr't wy mei inoar út kieze kinne. Op **18 maaie** 2019 sil dat wêze.

Jimme kinne de namme oan my trochjaan: 030 – 6916081. As ik net thús bin, kinne jimme ynsprekke. It kin ek fia de e-mail: [tvos51@kpnmail.nl](mailto:tvos51@kpnmail.nl).

Wy binne tige nijsgjirrich. Ferraskje ús mei jimme reaksjes! Trieneke Vos

**SELSKIP "MEI INOAR"****ALGEMIENE LEDEGEARKOMSTE**

Utnûging foar de *Algemiene Ledegearkomste* fan Selskip "Mei Inoar" op sneon 18 maaie 2019 om 19.30 oere yn de lytse seal fan de Noorderlichttsjerke, Bergweg 92B yn Seist.

**WURKLIST**

1. Iepenjen
2. Ynkommen stikken / Meidielings
3. Ferslach Algemiene Ledegearkomste 17 novimber 2018
4. Jierferslach 2018/2019
5. Jierrekken oant 1 maaie 2019 en ferslach fan de rekkenopnimmers.
6. Beslút ta opheffen fan selskip Mei Inoar en opgean yn Selskip Fryslân \*)
7. Fereffeners fan de skulden fan de krite oanwize en bestimming fan it jild fan de krite fêststelle
8. Omfreegjen en sluten

\*) Op 17 novimber hat de gearkomste mei algemiene stimmen foar in fúzje mei selskip Fryslân keazen.

FERSLACH FAN DE ALGEMIENE LEDEGEARKOMSTE FAN SELSKIP  
"MEI INOAR" OP 17 NOVIMBER 2018 YN DE NOORDERLICHT TSJERKE

Oanwêzich: 24 leden, wêrûnder 2 eareleden en 4 bestjoersleden. En in ferstjintwurdiger fan it FBOU.

**01. Iepenjen en fêststellen wurklist**

De gearkomste wurdt om 19.30 oere iepene mei it Frysk folksliet, op de lûkpûde begelaat troch Roelof Kuipers.

De krite hat op dit stuit gjin foarsitter en dêrom sit Klaske van Hoeij de gearkomste foar. Sy sprekt in hertlik wurd fan wolkom oan de leden, de twa oanwêzige eareleden, Boukje Andringa en Janke Amersfoort en Hylke de Haan fan it FBOU.

De wurklist wurdt goedkard.

**02. Neitins ferstoarnen**

Der binne yn it ôfrûne kritejier fjouwer leden ferstoarn: Abe Nauta op 02-01-2018, 91 jier âld; âld-lid frou Anna Oostra-Kleefstra op 09-04-2018, 101

jier âld; Jan Koopmans op 01-09-2018, 88 jier âld en Watse Sybesma op 08-09-2018, 89 jier âld.

De ferstoarne leden wurde troch de gearkomste yn stiltme betocht.

**03. Ynkommen stikken / meidielings**

Der is berjocht fan behindering ûntfongen fan famylje Westra en Gerrita Otten.

**04. Ferslach Algemiene gearkomste fan 28 oktober 2017**

It ferslach stiet op side 11 oant 13 fan de Kritekoer fan septimber 2018. Der binne gjin fragen of opmerkings. It ferslach wurdt goedkard, mei tank oan Klaske van Hoeij.

**05. Jierferslach 2017-2018**

It jierferslach stiet op side 13 oant 15 fan de Kritekoer fan septimber 2018.